

Soldaat Eljer Wiersma yn aksje as tanksjauffeur **“Ik wurd militêr, as jonkje wist ik dat al”**

Troch Joop Bootsma

Hjoed-de-dei libje wy yn in benaude tiid, wat te tinken fan de militêre driging út Ruslân. Wat kinne wy dêroan dwaan, de tsjinstplicht is al jierren ôfskaft, mocht dit noch fertuten dwaan.

Doe't Eljer Wiersma, fan de Roede, yn 2019 keas foar it leger wie der noch gjin driging. Foar him ek gjin punt, de kar foar beropsmilitêr wie op de legere skoalle al makke.



Gljurkjend troch de periskoop stjoert soldaat Eljer syn CV90-tank oer de flakte. De kommandant sjocht in doel en jout dat troch oan de skutter. Dy sjit der op los mei it 35-50 mm-kanon. Eljer hat it swit op 'e holle en it adrenaline-nivo sit heech. It spant der om, sille sy it winne fan de tsjinstander? Oant sa fier in yndruk fan syn militêre combat-training yn Dútslân.

As beuker hie Eljer (20) noch de winsk om brânwacht en fuotballer te wurden. Mar dat feroare rap. Eljer: “Op ‘e legere skoalle wist ik it; ik wol militêr wurde. Ik boarte ek in protte mei legerpopkes en boude tanks fan Lego. En mei eigenmakke houten wapens rausde ik troch de tún hinne. Tsjja, kinst wol sizze dat ik der in bytsje yn trochslein wie,” seit Eljer mei in gniis op syn gesicht.

Lesride op in tank

Nei de havo earst efkes op in sportskoalle wurke oant hy de âldens hie om yn it leger te meien, santsjin jier en seis moanne.

Nei de noadige testen krige Eljer 20 wike lang de AMO (*Algemene militaire basistraining*). Dêrnei keas hy foar de oplieding ta sjauffeur op in CV-90. (*Combat Vehicle*). Eljer: “Dat kinst in minitank neame. Hy is lytser as de Leopardtank. Wy sitte der mei trije man yn en efteryn kinne noch sân ynfanteristen.”

Lesride op in tank: “Ja, it is in apart gesicht. De geskutskoepel is ferfongen troch in glêzen fiskekom foar de ynstrukteur. Ik wit de earste kear noch goed. Ik moast fol gas jaan om dit megagrutte fehikel mei syn rupsbannen op gong te krijen.”

Traine foar in konflikt

Eljer sit by de ynfantery, de 44^e Bravo kompanjy te Havelte. Hy hat no de CV-90 - 32 ton en 810 pk - ûnder kontrôle. Op ‘e dyk 70 km yn ‘e oere, ûnder marsjesee begelieding, en op it oefenterrein wol 50 km yn ‘e oere.

Der wurdt in protte traïnd om Havelte hinne mar ek faak yn Dútslân. “Wy traine dan mei lasers, kinst it fergelykje mei lasergamen. Us kompanjy tsjin in oare kompanjy. It giet dan mega-fanatyk en wy wolle winne.”

Sjittje mei skerpe munysje dogge sy pas op in sjitbaan yn Dútslân. Ridendewei en út stilstân wei, mei sa’n njoggen tanks tagelyk.

“Wichtiger as it winnen is it doel om better te wurden mocht der in echt konflikt komme.”

En Eljer, as dat der komt? “Wy traine om der op taret te wêzen, wy kinne ‘*onze skills en drills*’. Hoe’t ik dan reageare sil? Ik wit it net, ik tink skerp, mei in protte adrenaline en derby stress datst echt rekke wurde kinst.”

“Wy traine dan
mei lasers, te
fergelykjen mei
lasergamen”

Fertrouwen

Jeanette, mem van Eljer: “Dizze oarlochsdriging fyn ik aaklik. Ik moast der oan wenne dat hy foar definsje keas. Wy hawwe op de iependei west, wy ha sjoen hoe’t sy dêr wurkje. Dat jout my wol fertrouwen.” Heit Jelle: “Eljer is ek goed yn technyk en kompjûters, dêr hie hy ek yn terjochte kinnen. Mar hy wit wat er wol, dat docht my goed.”

Eartiids wie der de tsjinstplicht, en doe waard der noch wat leard: bierdrinken. Hoe is dit hjoeddeis? “Lit my it sa sizze, ite en in bierke drinke dat dogge wy mei mekoar, dat jout ‘verbroedering’.”

En hoe sit it dêr mei de emansipaasje, prate jimme al oer beminsking ynstee fan bemanning? “Nee, dat net, yn ús kompanjy fan sa’n 120 soldaten binne der trije fan it froulike geslacht. Ien fan harren is de skutter op ús tank.”

Takomst

Oant no ta foldocht it Eljer oan syn ferwachting. “It fielt as in goede kar, moai wurk mei in protte foldwaning. Ik wol oare minsken helpe, dierberen beskermje, Nederlân ferdigenje, benammen hjoed-de-dei. Ja, it is in soarte fan ropping.”

Wat syn takomst oanbelanget sjocht Eljer noch ferskate mooglikheden. “Ik tink der oer om straks de skutters-oplieding te dwaan.” Kommandant op de tank? “Soe ek samar kinne. Mar it kin ek wêze dat ik yn de takomst it leger ferlit en yn de technyk gean by in bedriuw sa as Fokker of Hägglund.”

Op útstjoering

Eljer wol net op de foto en fynt it ek net fijn om yn syn legeruniform troch de stêd te rinnen.

Skammest dy der foar? “Nee, ik bin der grutsk op om militêr te wêzen, mar bin net op syk nei

wurdearring. Dêr bin ik soldaat Wiersma, mar ik wurd dêr ek wol Tinus neamd.

En hjir thús bin ik Eljer, ik hâld saken en privee skieden.

De situaasje yn de Oekraïne, it ferrin en de takomst, dêr kin Eljer net folle oer sizze. Ik sjoch oer de stoel in nij kamoeflaazje-unifoarm hingjen. “Ik gean kommende jannewaris op útstjoering nei Litouwen yn it kader fan de belangen fan de NAVO. Yn in nije omjouwing oefenje - op heech nivo - mei oare lannen. Ha sin oan dizze útdaging.”

“It is in soarte
fan ropping”